

Leave boer, ik bin dyn suster

Ik hâld myn hert yn beide hannen om dy.
Sjoch ik it tillevyzjefinsterke op dyn wrâld
fan frou Jaspers, of lês ik krantsjend
de prikpinne fan Jantien, dan fiel ik

- hoe 't dyn pine
mei de molke ta de amers
yn siperet, asto de kealtsjes boarnst
- wát der sa lûkt oan 'e woartels fan it nôt en gers,
datsto meanst mei dy djoere masineryen
fan in boerelienbank dêr 't gjin susters mear wurkje.

Ik ha myn hert yn beide hannen om
dat grutte hert fan dy,
om hoe hurd 't it kloppet
foar de bisten en it lân
en de pleats (noch fan pake syn oerpake Tseard).

Leave boer, ik bin dyn suster,

lit ús tegearre ta de boaiem gear
om alle misser-op-missers
fan minister-op-ministers
en al dyn (“hjir kinne jo jild út lienjild meitsje”)-adviseurs
út 'e tiden fan it âlde tinken.

Dat fan der grutter op
en der djipper yn,
yn dy skrale kavelen fan it mear en mear
en allinkelytsen minder
wjirmwrot.

Soks rint út op dyn foar-nul-sinten-wrotterij
foar in wrâldwiid-út molkfabryk

dat it koöperaasjetinken ferskiten hat
oan supermerkbazen
mei klanten dy't mei dy noait fûstkje

en it hurd-yl yn dyn
by-de-hannen-omt-ôf
nea fernimme

Leave boer, ik bin dyn suster

en al ha 'k de bek betiden ek yn beide hannen
lit ús net
fan ûngedienens,
traapje yn refleksen fan hakkesetterij

yn it sân, op fean en troch de klaai
moatte wy tegearre greidefisjonêr wurde
De boer en syn suster
De boer en har broer
Leave boer, ik bin dyn boarger
Ik hâld dyn hert en siel yn beide hannen.

Lit ús tegearre ta de boaiem gean.

Yva Hokwerda